

# FERSKYNT FJOUWER KEAR YN 'T JIER ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

35 ste jiergong

nûmer 1

novimber 2013

**Einredaksje:** Stoffel Bouma en Alie Cnossen

Stoffel Bouma, Skoallestrjitte 42, 8734 GN Easterein

Till. 0515-331762. mail: [stoffelbouma@hetnet.nl](mailto:stoffelbouma@hetnet.nl)

Alie Cnossen, Hoytemdyk 16, 8614 AR Aldegea SWF

Till. 06 – 24 62 89 86 mail: [aliecnossen84@hotmail.com](mailto:aliecnossen84@hotmail.com)

**Lêzersjild:** fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.  
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:

Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert

Rabobank nûmer 34.95.02.072 as Postbank nûmer 2280300 ûnder  
fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it  
Dambûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en  
as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn  
Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

**Bestjoer.**

- Foarsitter: Siebe Walinga, Hagenadyk 218614 AC Aldegea SWF  
[swalinga.baard@hetnet.nl](mailto:swalinga.baard@hetnet.nl) 0515-469642
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14 9023 AB Jorwert.  
[siebrendyk@gmail.nl](mailto:siebrendyk@gmail.nl) 058-2519992
- Ponghâlder: Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert.  
[p.sikma@hetnet.nl](mailto:p.sikma@hetnet.nl) 0515-569561
- Algemiens: Johannes Hoekstra, Reafinne 1, 8614 AH Aldegea SWF  
[j.hoekstra99@home.nl](mailto:j.hoekstra99@home.nl) 0515-469886
- Jongerein: Jappie de Jong, Vitusdyk 10, 8615 LN Blauhûs,  
[jensdejong@hetnet.nl](mailto:jensdejong@hetnet.nl) 0515-579899

# **BÛNSWEDSTRIID JEUGD EN PUPILLEN YN CLUBHÛS SIESA BLAUHÛS.**

Sneon 23 novimber waard wer it 1<sup>e</sup> toernooi foar de bern ferspyle. Mei yn't bysûnder 2 damfamkes út Terherne. Dicky van der Meer is der no in heal jier mei hun yn training en hat dizze dammers oanmelden foar in moaie dammiddei. Oare klubs kinne hjir in foarbyld oan nimme.

Der kamen no dammers út Aldegea, Terherne en Blauhús en dan is in oantal fan 22 dammers fansels prima, mar wat at de oare klubs ek hun bydrage leverje dan sit it clubhús wer propfol en dêr moasten we eigenlik op ta.

Bij de jeugd, 2 ploegen fan 4, wer de Aldegeasters foar best opsloegen. Lammert Stegenga en Fokke Walinga hellen hjir in 1<sup>e</sup> plak Silver wie der foar Domien Witteveen fan Blauhús en Hiele Joh. Walinga.

Bij de pupillen hiene we wer wat nije gesichten en dan witte je ek net presys hoe as se damje kinne. Mei de regel slaan is ferplicht kinne je it de bern al hiel wat makliker meitsje en sa waard it in spannende striid yn de trije poules. Yn de alderjongste groep soene der trije gelyk komme as Jurgen Popma de leste partij wûn fan Nynke Brouwer. Femke Steenstra hie al 3 punten. Jurgen koe mar in heal puntsje pakke en sa waard Nynke nr. 1.

Yn Groep 2 kamen wol trije gelyk út en moast der in baraasje spyle wurde. Wouter Kroes waard 1<sup>e</sup>, Nynke Veldstra 2<sup>e</sup> en Ridsert Rypkema 3<sup>e</sup>.

Yn groep 3 wiene se mei syn fiifen en moast út de leste partij de winner komme. De Blauhústers Klaas van der Meer en Amarins Popma damden der tsjin elkoar en Amarins wûn.

Nei in lange dammiddie koene de prizen ferdielt wurde en op in plaatsje fêstleint wurde bij Clubhús Siesa fan Blauhús.

## **Einútslach Jeugd:**

### **Groep 1**

- 1 Lammert Stegenga, Aldegea SWF
- 2 Domien Witteveen, Blauhús.
- 3 Hedzer Stegenga, Aldegea SWF.

### **Groep 2**

- 1 Fokke Walinga, Aldegea SWF.
- 2 Hiele J Walinga, Aldegea SWF.
- 3 Marten Stegenga, Aldegea SWF.

## Einútslach Pupillen

### **Groep 1**

- 1 Nynke Brouwer, Blauhús
- 2 Femke Steenstra, Blauhús
- 3 Jurgen Popma, Blauhús

### **Groep 2**

- 1 Wouter Kroes, Blauhús
- 2 Nynke Veldstra, Terherne
- 3 Ridsert Rijkema, Blauhús

### **Groep 3**

- 1 Amarins Popma, Blauhús
- 2 Klaas van der Meer, Blauhús
- 3 Hiske van der Meer, Terherne

Jappie de Jong



## **FRYSK DAMDEI ALDEGEA-SWF**

Op de lêste sneon fan 2013 kamen der 35 dammers en damsters nei Aldegea. Foar de Froulju en de Earste, Twadde en Tredde Klasse stie it Frysk kampioenskip op it spul. Trije froulju wienen oergrysluk oan elkoar weage. Lutske Jonkman, Akke Renske Walinga en Tineke Brander wienen lyk yn de reguliere wedstriid. Dat sy moasten noch in kear tsjin elkoar. Tineke Brander wûn fan de twa oare froulju en sa is sy de nije kampioen. Lykas ferline jier pakte Rients Winia it kampioenskip yn de Earste Klasse. Siebren Dijk waard de winner fan de Twadde Klasse en de jonge Rindert Walinga fan de Tredde Klasse.

De folsleine top fan it Frysk damjen, de saneamde 'earste acht', wie presint. Hjir wienen de earste prizen foar Jelle Wiersma en Marten Walinga, Foeke Tiemensma en Teake Kooistra hellen in twadde plak. Dan wienen der noch twa earste prizen yn de Eareklasse foar Hein de Vries en Cor Kooistra. Blauhústers Marcel Altena en Jappie de Jong hellen de earste prizen yn de Haadklasse A. De útslach:

### ***Earekl. gr. I***

1.Marten Walinga, Waaksens 2pt.; 2.Teake Kooistra, Hartwert 2 pt.

### ***Earekl. gr. II***

1.Jelle Wiersma, Wommels 3 pt.; 2.Foeke Tiemensma, Frjentsjer 2 pt.

### ***Earekl. gr. III***

(3 *spilers*) 1.Hein de Vries, Ljouwert 2 pt.; 2.Germ Terpstra, Easterein 2pt.

### ***Earekl. gr. IV***

(3 *spilers*)1.Cor Kooistra, Nijlân 2pt.; 2.Willem Hoekstra, Aldegea 1,5 pt.

### ***Haadkl. A gr.I***

(3 *spilers*) 1.Marcel Altena, Blauhús 2,5 pt.; 2.Sjouke Schilstra, Lollum 1,5 pt.

### ***Haadkl. A gr.II***

(3 *spilers*) 1.Jappie de Jong, Blauhús 1,5 pt.; 2.Liuwe Westra, Lollum 1 pt.

### ***Earste Kl.***

1.Rients Winia, Boalsert; 2.Johannes Hoekstra, Aldegea; 3.Piet Sikma,Hartwert;

### ***Twadde Kl.***

1.Siebren Dijk, Jorwert; 2.Jan Nauta, Bitgummole; 3.Sietze de Jong, Aldegea;

### **Tredde Kl.**

1.Rindert Walinga, Waaksens; 2.Matthieu v.d. Boogaard, Jorwert; 3.Lammert Stegenga, Aldegea; 4.Fokke Walinga, Aldegea; 5.Gertjan v.d. Kamp, Jorwert

### **Froulju**

1.Tineke Brander, Heech; 2.Lutske Wildschut, De Gaastmar; 3. Akke Renske Walinga, Blauhús; 4.Tineke Teigeler, Sibrandabuorren;

(Folkert Groenveld)



*Yn de tredde klasse sit de lettere kampioen Rindert Walinga mei swart tsjin Lammert Stegenga. Fokke Walinga sjocht ta.*



*De hiele Kampioensklasse  
kaam nei Aldegea.*

## De kampioensgallerij



*Froulju: Lutske Wildschut (2), Akke Renske Walinga (3), Tineke Brander (1)*



*Earste Klasse: Johannes Hoekstra (2), Rients Wijnia (1), Piet Sikma (2)*



*Twadde Klasse: Sietze de Jong(3) Siebren Dijk (1), Jan Nauta (2)*



*Tredde Klasse: Matthieu v.d. Boogaard(2), Rindert Walinga(1) Lammert Stegenga (3)*

## WAT IN DEI, SA 'N DAMDEI

Hartwert. Tradysjes binne der om te brekken seit men wol ris mar dêr wolle hja op de damklup Hartwert e.o. net iens oan tinke want in nij damjier kin net begjinne sûnder de earste beste sneon yn jannewaris want dat wit elke dammer. Rûnom hâld men nijjiers byienkomsten mar yn Hartwert wurdt der fanôf tsien oere striden op it damboerd mei elk oardel oere op de klok.

De út- en yngongen yn Hartwert wurde wat frij hâlden mar foar de rest stie it hiele doarp fol mei auto's want der wienen mar leafst 31 dammers op dizze damdei ôfkommen. By it binnen kommen krigen de measten al honger mar net nei it damboerd mar fan de hearlike geuren fan de snert dy Piet en Jantsje al op stean hiene. Nei elkoar de bêste winsken te jaan en nei de gebrûklike iepenings wurden fan de foarsitter waard elk yndield yn groepkes op wearde fan harren damkwaliteit.

Der waard ferskuorrends damd. Sa yn it begjin fan it nije jier wol guon harren noch wol ris healwiis fersjen mar dat barde hjoed net. Der wie net in blûnderjende dammer by en dus damden hja minimaal twa oeren op it skerpst fan de snede en wylst begie de snert al hast oan te koekjen.



*Samar wat dammers*

Groep ien yn de eare klasse wie op papier de sterkste, teminsten dat seine guon mar de oare groepen moast men ek net útpoetse. Germ siet sûver te glunderjen ûnder it iten want hy wûn fan Teake en dat bard him net sa faak. Foeke pakte Folkert en letter in remize tsjin Teake wylst Germ dêrnei de oare



two partijen wûn en mei in krúk Joustra, dik fertsjinne earste waard. Groep twa/trije wiene seis dammers en mei spesjaal skema koe elk damjen bliuwe. It wie dêr Stoffel dy miskien wol boppe syn kinnen damde want hy wûn fan Hein en Marten en yn de oare groep wie it Stinus dy wûn fan dicky en Willem en doe moasten dizze twa mannen noch tsjin elkoar. It damde foar beide mannen wat lichter want wienen net mear yn te heljen troch de konkurrinsje. Uteinlik hie Stinus de hiele partij wat it bettere spul en hie it miskien ek winne moatte mar troch it hastich striken (dêr hie Stoffel ek wat op rekkene) kaam der in setsje yn en sa wûn hy syn tredde partij ek. Fedde Wiersma is neffens my ek oan ien fan syn bêste damjierren ta kommen want op de klup pakt hy ek it iene nei oare punt en no pakte hy de Schilstra's (gerrit en Sjouke) mar moast ferlieze tsjin Sjouke de Boer. Hy waard dield earste mar wûn troch rigels de priis. Yn groep twa HA gie de striid tusken Cor en Bauke. It wie Bauke dy wat swetste en swearde mar ûndertusken prima damde en Cor damde ek bêst allinne hy krige wat SJ B trekjes. No wie dat ek wol in bytsje sa want hy damde net alhiel optimaal. Bauke wûn de earste priis en hoe bêste as Sjoerd en Klaas W ek damden, hja koene it net oprêde. Yn groep ien fan de earste klasse wie it Auke dy by Piet, Klaas v.d G en Tjerk Wiersma de folle winst pakte en yn groep twa wie it Jesse Jan dy 2.5 pakte tsjin Johannes, Liuwe en Klaas A. Yn de twadde/tredde klasse sieten fiif dammers en dy makken der in moai potsje fan. It bestjoer siet mei de hannen yn it hier want safolle krúken wiene der net want neidat hja allegearre fjouwer kear damd hie wie de einstân sa: Herman, Jacob, Jan en Rindert, allegearre twa punten! No wienen hja moai op tiid út en binne begûn oan in twadde damsjesje mei elk in kertierke op de klok. Allegearre wer fjouwer kear damd en as earste kaam Herman út de bus en twadde waard Rindert.

Al mei al in prachtige damdei mei dik fertsjinne winners en der wienen al guon dy earst al efkes priuwe moasten as der wol goed spul yn dat krúkje siet.

## **UTSLAGGEN FAN DE PIET SIKMA PARTIJ:**

### **Eare klasse:**

**Groep 1:** 1. Germ Terpstra 3, 2. Foeke Tiemensma 1.5.

**Groep 2:** 1. Stoffel Bouma 3, 2. Hein de Vries 1.5.

**Groep 3:** 1. Augustinus v.d. Goot 2: 2. Willem Hoekstra 1.5.

### **Haadklasse A:**

**Groep 1,** 1. Fedde Wiersma 2, 2. Gerrit Schilstra 2.

**Groep 2:** 1. Bauke Dijkstra 2, 2. Cor Kooistra 2.

### **Earste klasse:**

**Groep 1.** Jesse Jan Boschma 2.5, 2. Klaas Abma 2.

**Groep 2:** 1. Auke Boschma 3, 2. Tjerk Wiersma 2.

**Twadde klasse:** 1. Herman Terwisga van Scheltinga 4, 2. Rindert Walinga 2.

# GERM TERPSTRA

1944 - 2014



*Der waard mei de klupkampioenskippen ien tafel frij hâlden foar Germ.  
Dat jout Coby it gefoel dat hy dochs oanwêzich is op dizze dei en  
lit dit in stimulâns wêze foar al de dammers en spesjaal foar de  
Hartwerters.*

Easterein. It wie de sneons op fjouwer jannewaris 2014 de toernoai winner op de jierlikse damstriid fan it Fryske Damjen yn Hartwert, teminsten sa fieldde Germ him. Dat wie ek wol in bytsje wier want hy wûn al syn trije partijen tsjin net de minsten dammers fan Fryslân want hy fersloech Taeke Kooistra, Folkert Groenveld en Foeke Tiemensma. Grutsk rûn Germ in pear slaggen troch it hast lege lokaal "It Terphûs" want it wie ûndertusken al nei sânen foardat dit fjouwertal harren partij út hiene. In pear slaggen troch it lokaal hie bûten syn grutskens en it heljen fan wat konsumpsjes noch in reden want hy hie it de hiele wike al wat yn de bealch en dat moast der efkes útrûn wurde. De priis, in krûk Joustra berenburch, soe grif in moai plakje krije yn syn medaille kast.



*Germ yn aksje tsjin Foeke yn Jorwert*

It hiele wykein koe elkenien dy yn “huize Zonnehoek” kaam de partijen fan Germ hast dreame want al de trije einspullen stiene noch goed op it netflues en dy moast elkenien al efkes sjen. Sa giet it fansels de moandeitejûns ek want elke dammer dy binne kaam moast it noch efkes sjen want earder giene de oare partijen net los.

Doe, as mokerslach by heldere himel (sa'n soarte útdrukking) krigen wy de tongersdeitemiddei it berjocht, Wite Germ is stoarn! Dit koe ommers net want ik wie him in pear oerkes lyn noch tsjin kommen mar nei wat tillefoantsjes die bliken dat it wol wier wie.

Der is de moandeitejûns noch wol damd op de klup mar syn fêst plakje bleau leech stean. It fêste plakje hie Germ ea oernommen fan de Knollen dy eartiids dêr altyd sieten.

Foarsitter Fedde stie de jûns efkes in heal oere by syn ferstjerren stil want Germ wie in kleurige dammer. Hy koe betiden ek hiel swart/wyt wêze mar syn passie wie it Fryske damjen. Yn dizze tiid fan it jier stie hy moarns op mei it damspul en hy gie der ek wer mei op bêd want dit spultsje wie him alles.



Opfallend wie foar Germ dat hy altyd syn eigen iepening damde. Neffens guon koe soks net mar dy wurden koene hja allinne mar wier meitsje as hja mei de persoanlike kampioenskippen tsjin him moasten want dan wisten de tsjinstanner hokker kleur as men hie en men wist ûngefear hokker iepening as der kaam mar oars, hie Germ somtiden in plus punt dat op de gewoane partijen de tsjinstanners harren net foarberiede koene. Wêr Germ ek sterk yn wie, wie it neidammen want neffens my hat hy dêryn noch nea in partij ferlern.

Germ hat de earste jierren altyd damd yn Hidaard en is op syn achttjinde lid wurden fan de damklup Hartwert e.o. en wie dus in dikke fyftich jier lid fan de klup. Boppedat siet hy twa jier yn it bestjoer as foarsitter en is dêrnei hast tritich jier skathâlder west. As it heal koe, wie hy oanwêzich op al de wedstriden fan oare klups en fan It Bûn. Syn jierliks hichtepunt wie op de einjûn want dêr ferkocht hy yn in oerke alles wat mar wat fan wearde wie oan de oanwêzigen om sa de kas fan de klup wat te spekken.

De damklup Hartwert en al de oare dammers sille him misse!



## **KLUPKAMPIOENSKIPPEN 2014**

Yn 1934 waard it earste klupkampioenskip ferspille. De damklup fan Marrum waard doe de winner. Sa kamen yn de begjinjierren fan it Dambûn Frysk Spul de bêste klups fan de klaai. Minnertsgea, Ferwert en Menaam wienen sterke klups. Dy't ek faker as ien kear kampioen waarden. Mar se bestean net mear. Lykas de damklups fan Heech en Wommels dy't yn 1940 en 1949 foar ien kear as heechste einigen. Letter kamen de klups fan Hartwert en Wurdum op. De lêste waard fan 1977 oant 1986 tsien kear op in rige earste en mei elkoar 19 kear. Koprinner is lykswols Hartwert. Sy waarden sneon foar de 31-ste kear kampioen!

Aldegea, dochs de grutste konkurrint fan de lêste jierren, koe it diz' kear net risse.

Al wer foar de 20-ste kear kamen de Frysk dammers nei Easterein. It Kafee Bergsma is in prachtige lokaasje en waard wer fergees beskikber steld; grutte klasse Ap!

Foarôfgeand oan it kampioenskip waard Germ Terpstra betocht, dy't sa hastich ferstoarn is. Yn dit nûmer kinne jim in In Memoriam oer him lêze.

Bysûndere gasten wienen der ek. Sa hienen de hoekse dammers fan de klups fan Boalsert en Warkum in achttal formeard. Sy ha wakker nocht oan it Fryske Spul. De mannen setten har der goed foar en pakten in moai tredde plak yn groep III. It is moai dat ús âlde tinksport sa breder omtinken kriget. En dat giet fierders as de lânsgrinzen.

Damklup "De Rûge Wolf" fan Lollum/Waaksens hie wol hie wol in hiel spesjaal team formeard. Sa wie der de sterke hoekse dammer Hans Jansen by harren op it sawnde boerd by it earste achttal. En yn harren twadde damden de Afrikaans kampioen Macadou N'Diaye út Senegal en Leopold Sekongo, kampioen fan Ivoorkust.

Marten Walinga hat foar harren in nij boekwurkje makke. Hjirynd wurde iepeningen, spul-opset en behanneling fan it einspul besprutsen. It is yn it Nederlânsk en komt lykas in Ingelske en in Frânske oersetting op ynternet. It Frysk damjen de wrâld oer!



*Leopold Sekongo en Macoudou N'Diaye ha it earste eksimplaar útrikt krigen fan Marten Walinga. Wrâldkampioen Harm Wiersma is ek yntereseare yn it Fryske Spul.*

Yn de earste rûnte waard promovendus Lollum/Waaksens troch regerend kampioen Aldegea-SWF oer de knibbel lein mei 6-2. Al jûch earsteboerd-spiler Foeke Tiemensma al te gau de hân oan Siebe Walinga. Tiemensma wie efkes goed fan slach. Mar makke syn black-out letter alhiel goed mei oerwinningen op Jelle Wiersma en Teake Kooistra. Opmerklik wie it sterke damjen fan treddeboerd-spiler Harmen Westra. Folkert Groenveld moast der plat foar om it punt binnen te heljen. Fan de 'Stadige Strikers' wie hjoed mear ferwachte. Yn de earste rûnte waarden hja ynmakke troch Hartwert mei 6,5 - 1,5 en ek tsjin Aldegea yn de twadde rûnte gie it net folle better. In pak foar de broek mei 6 - 2. De grutte Nijlanner rekkenmaster miende dat it útslachformulier net alhiel goed ynfuld wie en skraسته der eigenhannich wat yn om. Lokkich wie administrateur Klaas Wiersma sa as altiid wer hiel alert. De sifers lige net. Promovendus 'De Rûge Wolf' koe it tsjin Hartwert ek net risse, in 5 - 3 ferlies, en makke it de Skearnegoutumers yn de lêste rûnte noch dreech. Mar moasten dochs degradearje.

De striid om it earste plak kie dus sa as sa faak de lêste jierren tusken Aldeega en Hartwert. De lêsten binne sterk yn de breedte. En koenen mei nije dammers yn it earste achttal as Klaas Abma en Germ Bruinsma de iepen plakken goed

opfange. It foel de kant fan Hartwert op, mei winstpartijen oan de earste trije bourden: 5,5 - 2,5 en al wer in kampioenskip!



*It winnende achttal fan Hartwert mei boppe fan links ôf Tjerk Wijbinga, Teake Kooistra, Fedde Wiersma, Klaas Abma, Germ Bruinsma en Sjouke de Boer. Foar oan Hein de Vries en Stoffel Bouma*

Yn de twadde klasse soe it gean tusken Hartwert-2 en De Gaastmar. Blauhús helle twa moaie kampspullen tsjin harren (4 - 4), mar ferlear yn de lêste rûnte fan Jorwert. Dat wie dan ek it ienige ljochtpunt foar de Jorwerters. Twa kear ferlieze, fan Hartwert-2 en De Gaastmar. Noch wol lyk komme yn punten mei Blauhús, mar degradearje op SB-punten. It leit altyd tichteby elkoar. Dan wurdt der letter noch wolris neitocht oer dy partij dy't dochs krekt gjin winst waard. De Gaastmar wie úteinlik de sterkste en sy meie it oar jier wer besykje yn de Kampioensklasse. It twadde achttal fan 'Nocht&Kriich' wie yn de tredde klasse superieur. Alle fjouwer rûnten waarden wûn en dat betsjutte promoasje en ek noch de winst fan it Hokwerda-skiid foar de measte boerdpunten.

## ALLE ÚTSLAGGEN

**Kampioensklasse:** Aldegea - Lollum 6-2, Hartwert - Skearnegoutum 6,5-1,5; Skearnegoutum - Aldegea 2-6, Lollum - Hartwert 3-5; Lollum - Skearnegoutum 1,5-6,5, Hartwert - Aldegea 5,5-2,5.

**Einstân** (mei tusken heakjes de buordpunten): Hartwert 3 (17); Aldegea 2 (14,5); Skearnegoutum 1 (10); Lollum 0 (6,5).

**Twadde klasse:** De Gaastmar - Blauhús 4-4, Hartwert II - Jorwert 5-3; Blauhús - Hartwert II 4-4, Jorwert - De Gaastmar 2-6; Blauhús - Jorwert 2,5-5,5, Hartwert II - De Gaastmar 3-5.

**Einstân:** De Gaastmar 2,5 (15); Hartwert II 1,5 (12); Blauhús 1 (10,5) (SB: 4); Jorwert 1 (10,5) (SB: 2).

**Tredde klasse:** Blauhús II - Lollum II 4-4, BoalsertWarkumKombinaasje - Aldegea II 2-6; Lollum II - BWK 4-4, Skearnegoutum II - Blauhús II 7-1; BWK - Skearnegoutum II 2-6, Aldegea II - Lollum II 8-0; Blauhús II - BWK 4-4, Skearnegoutum II - Aldegea II 3,5-4,5; Aldegea II - Blauhús II 7-1, Lollum II - Skearnegoutum II 1-7.

**Einstân:** Aldegea II 4 (25,5); Skearnegoutum II 3 (23,5); BWK 1 (12); Blauhús II 1 (10); Lollum II 1 (9).




**Ha jim de App Fries dammen al fergees downloaden?**



## FRAGMENTEN NOCHT&KRIICH


Troch Folkert Groenveld

Sietze de Jong hie Folkert Attema te pakken mei de slach



1.45-40! 25x45 2.26-21 16x29  
3.34x25 45x34 4.44x15

Yn de partij fan Folkert Groenveld (wyt) tsjin Siebe Walinga stie it nei de 41-ste set fan swart 41. ...29-34 sa




Der folge 42.49-43 9-14 43.28-23  
30-35 44.45x25 34-40 45.23-19?  
14x23

Wyt soe noch wol in daam op fjild 5 helje, mar swart komt op twa dammen en sil winne. Mei de skiif op fjild hie wyt 23 rinne moatten nei de daam, op nei fjild 1.


Dat hie swart net keare kind en dan sil it wol kamp wurde. Dizze kamp-fariant hie swart net tastean hoecht. Better is 43. ...14-20 en dêrnei 20-25 mei in sterke oanfal. Dan sil swart wol winne.

Fanút de diagramstân hie wyt it lykswols better dwaan kind.  
42.49-44! 16-21(ferpl.) 43.44x35  
21x23




44.35-30 9-14(a) 45.45-40 23-28  
46.40-34 14-19 is ferplichte, oars komt 30-24  
47.30-25 28-32 48.25-20 19-23  
49.20-14 32-37 50.14-10 37-41  
51.10-4 41-46  
52.4-15 mei kamp En nei 44.  
...28-32(b) 45.24-20 32-37 46.20-15  
37-41 47.15-10 9-14 48.10x19  
41-46 47.19-13 46-10 48.45-40  
10x50 49.13-8 is it kamp.

Lammert Stegenga en Fokke  
 Walinga binne twa jonge,  
 entûsjaste dammers.  
 By in dammerij hienen se wat tiid  
 oer en pielden wat mei de  
 iepeningen om.  
 Se damden **1.32-27 19-24 2.31-26**  
**20-25**  
**3.36-31! 16x36 4.46x26 11-16**




Kin dizze efterstreek wol?  
 Wyt docht **5.34-29! 16x36 6.29x20**  
**10x30 7.40x20 15x24 8.35x15**  
**5x25**


en dan stiet it sa



**9.27-22! 12x34 10.39x10 4x15**  
 (ferpl.)  
**11.37-32 36x27 12.32x23 13x33**  
**13.38x29**  
 en wyt komt in hout foar. Dus moat  
 swart slaan **6. ...15x24 7.35x15**  
**5x25**




**8.27-22 12x34 9.40x20 10x30**  
**10.37-32 36x27 11.32x23 13x33**  
**12.39x28**  
 mei lyk hout.




Sa stie it tusken Willem Hoekstra (wyt) en Jouke Wijnja. Dy mei it der graach dreech op sette. Dat wie no ek wer sa. Boppedat hie Jouke hie it ek wer wakker dreech mei de klok. Mar helle út mei

**1. ...26-31! 2.37x26 4-10! 3.24x4 18-23 4.28x19 13x44 5.4x11 7x36**  
 en wyt kin in swarte daam net keare **6.43-39 44-50 7.42-37 10-14 8.37-31 36x27 9.32x21**



Dit liket beslikke foar swart, mar Jouke fersjocht him **9. ...14-19? 10.48-43! 50x46 11.38-32 46x28 12.33x22**



En ûnder tiidsdruk soe Jouke noch ferlieze. Mar troch 12. ...19-24 (der driget 24-29 en 8-13) en bygelyks 13.40-35 2-7 15.35-30 24x35 15.45x25 15x35 16.22-18 8x28 17.39-34 35x33 18.43x32 is it ek gau út.

## DAMJENDE POSTBOADE LOLKE

Easterein. Lolke Bouma wie eartiids de romberuchte slachter fan Easterein en omkriten. Foaral syn droege woarsten gienen de hiele wrâld oer mar ek de siden spek want Lolke rikke se sels yn 'e skoarstien. Men krige al sin oan wat as men de slachterij foarby ried as yn de buert wiene want de reek gie betiden it hiele doarp oer.

In frjemde klant fûnen guon minsken it want om de safolle dagen kaam der in ambulânse foar syn doar te stean. Net dat der wat oan 'e hân wie mei de famylje want hja kamen spesjaal foar de droege woarsten en namen neffens my foar it hiele sikehûs mei! Oant dy ambu dêr in kear op 'e jûn kaam en Lolke echt mei moast mar dêr is hy lokkich goed opknapt.

De saken op sa'n doarpke rûn troch de grutte súpmerken net sa as it gean moast en doe de kosten eins net mear tsjin de baten op koene moast ek Lolke om sjen nei oar wurk en waard postboade.

No is Lolke in leafhawwer fan it Hollânske damjen en dus dage Stoffel him út om de hiele simmer troch, seis dagen yn de wike post, tsjin him te damjen. Elke dei stie wer in nije set op Lolke te wachtsjen. Hja ha twa kear damd, ien kear mei wyt en ien kear mei swart. Stoffel ha it foaral yn de iepeningen dreech hân want der moast wat oars tocht wurde mar wûn beide partij mei moaie kombinaasje setten yn it middenspul.



*Lolke ferlear en sette de houtsjes(beton) op 'e side*